



PAK DE KOFFER MAR WER ÚT, LEAVE!

(Pak de koffer maar weer uit, schat!)



Blijspul yn trije bedriuwen

Fan

JAN TOL EN ASTRID BAIJS

Fryske oersetting fan Siep Jorna

TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.
(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Website: www.toneeluitgeverijvink.nl

VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **PAK DE KOFFER MAR WER ÚT, LEAVE! - PAK DE KOFFER MAAR WEER UIT, SCHAT!** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JAN TOL en ASTRID BAIJS** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

Copyright: © 2017 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: www.toneeluitgeverijvink.nl

E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: www.ibva.nl

Email: info@ibva.nl

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

Vergunning tot opvoering:

1. Aankoop van minimaal **11** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Vergunning tot HER-opvoering(en):

1. U vult het aanvraagformulier in op www.ibva.nl of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.

Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

PERSOANEN:

(7/8 froulju – 3/4 manlju)

Monique Timmermans - resepsjoniste

Harrie Schelfhout - ober

Peter Wierstra - kok

Gasten

Joke Verhoeve - âldste suster

Maaïke Verhoeve - middelste suster

Sjaan Verhoeve - jongste suster

Robertus van der Heyde – meiwurker by in bank

Corrie Topper - syn freondinne

Julia Hoppe - syn sekretaresse

Maria - ynterieurfersoarchster

Ida del Monte - keunstneres

Kees van der Ven - kennis fan Ida

Robertus van der Heyde en Kees van der Ven is in dûbeldrol.
Wêr't praat wurdt oer "Italiaansk" iten en frou (*Maria*), kin fansels ek in oar bûtenlânsk gerjocht en persoan brûkt wurde.

DEKOR:

Alles spilet him ôf by de resepsje fan in hotel. Loftsfoar is de tagongsdoar, loftsefter de tagong nei de keuken, ytseal, bar en de keamers. *(ien iepening, dêr't de gasten rjochts nei de keamers gean en it personiel lofts nei de bar en keuken. Rjochtsefter stiet de desk, mei dêrop it gasteboek, telefoan, kompjûterskerm en skille. Dêr efter hinget in boerd mei de kaaien fan de keamers. Lofts en rjochts fan de desk stean wat sitsjes. Rjochtsfoar is in kastoar. Fierders nei eigen ynsicht)*

EARSTE BEDRIUW

In oer as twa middeis.

(Monique sit efter de desk. Se is dwaande de post troch te nimmen en sjocht sa no en dan nei it kompjûterskerm. Nei in pear tellen komt Harrie op út 'e bar. Hy is klaait as ober, swart pak, wyt boesgroen mei in strikje om 'e hals)

HARRIE: Hoi, Monique.

MONIQUE: Hoi Harrie. Sitte dyn frije dagen der wer op?

HARRIE: Ja, spitigernôch al. Ach ja, mar oan 'e oare kant ha ik der ek wol wer sin yn, hear. Krije wy it noch drok yn it wykein?

MONIQUE: Falt ta. *(sjocht op kompjûter)* Der binne foar hjoed seis keamers boekt. Allinne krigest it hjoed noch wol drok mei dy tritich persoanen yn 'e konferinsjeseal.

HARRIE: Om hoefolle man giet dat?

MONIQUE: Tritich. Mar dy bliuwe net te sliepen. Nei it diner geane dy wer fuort.

HARRIE: Dat hâldt yn, dat ik neist ús hotelgasten, noch tritich man it diner optsjinje moat?

MONIQUE: Ja, Peter wurdt ek ynset.

HARRIE: Peter wurdt ek ynset? Hâldt op, man! Hy is in prima kok, mar iten optsjinje, dat kin er net! Kin der gjin opropkrêft komme?

MONIQUE: Dat wol de baas net mear. Is fierstente djoer. Wy moatte besunigje op it personiel.

HARRIE: *(foeterjend)* En dus op 'e service. Hast Peter wol ris yn 'e betsjinning sjoen?

MONIQUE: Nee.

HARRIE: No, wês bliid ta. Skammest dy dea. Hiest him ferline wike sjen moatten... *(op dat stuit komt Julia Hoppe op, har hâlding is tige arrogant. Se rint daliks op 'e desk ta en ûnderbrekt it petear fan Monique en Harrie)*

JULIA: *(sjocht senuweftich om har hinne)* Fluch, fluch, fluch!

MONIQUE: *(sjocht har ferheard oan)* Kin ik jo miskien helpe, mefrou?

JULIA: Dat kinne jo net miskien, dat kinne jo wis. De kaai fan myn keamer graach.

MONIQUE: De kaai fan jo keamer. Hoe wie jo namme, mefrou?

JULIA: It is net, hoe wie jo namme, mar hoe is jo namme...

MONIQUE: Pardon? Myn namme is Monique Timmermans. En jo...

JULIA: Hoe jo namme is, ynteressearret my net. Myn namme is van der Heyde... *(op dat stuit komt Peter op, mei twa swiere koffers. Hy hat in kokspak oan en op 'e holle in koksmûtse)*

HARRIE: *(skrikt, djippe sucht)* O, nee...

PETER: Sis dame, nei wat foar keamer moatte dy rottingen?

JULIA: Pardon?

PETER: Ik sjou my in ûngelok... Wat ha jo der allegearre wol net yn sitten?

HARRIE: *(warskôget)* Peter, hâldt dy yn! Jou my dy koffers mar. *(systeret)* Dat kinst net meitsje, man! *(tsjin Julia)* Myn ekskús foar it gedrach fan ús kok, mefrou. Ik sil jo koffers wol nei jo keamer bringe. Wat foar keamer hat mefrou, Monique?

MONIQUE: At ik har namme wit, dan kin ik it dy sizze... *(sjocht Julia freegjend oan)*

JULIA: Mefrou van der Heyde, dat hie ik al sein.

MONIQUE: Van der Heyde. Even sjen. *(sjocht op it kompjûterskerm)* Van der Heyde. Ja, hjir ha 'k him. O, mar der binne twa keamers boekt op namme fan van der Heyde. *(sjocht Julia wer oan)* Jo binne net allinne?

JULIA: Ja, dat bin ik wol, dat sjochst doch? Jou my de kaaien fan dy keamers no mar, ik ha yndie twa keamers boekt.

PETER: Ien as magazyn foar de koffers!

HARRIE: Peter!

MONIQUE: Beide kaaien, mefrou? Sa't jo wolle. *(pakt twa kaaien fan it boerd)* Keamer 201 en keamer 203 *(wol de kaaien oan Julia jaan)*

JULIA: O, nee! By it reservearjen ha ik dúdlik oanjûn, dat de keamers neist inoar lizze moatte. Ik wol keamer 201 en 202 ha. *(pakt de kaaien net oan)*

MONIQUE: Mar dizze keamers lizze neist inoar, mefrou. Keamer 202 leit oan de oare kant fan de gong.

JULIA: O... Fansels. At ik dat net witte soe. *(sjocht fan Harrie nei Peter)* Wa bringt myn koffers no myn keamer?

HARRIE: Dat doch ik, mefrou.

PETER: Dat doch ik dus! Ik ha se hjir al hinne brocht, dat ik bring se no ek nei de keamer. *(sjocht nei Harrie)* Do tink de foai opstrikke...

JULIA: Foai? Wat foar foai? Tochtsto no wier dat ik der foar betelje, om dy koffers op myn keamer te krijen? Dêr moatsto mar net op rekkenje!

PETER: Just jawol. *(tsjin Harrie)* Bring do se mar...

HARRIE: Okee. En do no nei de keuken... en bliuw dêr! At ik dy nedich ha, dan rop ik wol...

PETER: Hjirsa, at er my nedich hat dan ropt er wol... *(giet foeterjend ôf nei de keuken)*

HARRIE: Nochris myn ekskús foar it gedrach fan ús kok, mefrou. It sil net wer barre...

JULIA: Dat mei ik hoopje. En sjit no op, man! Ik wol sa fluch mooglik nei myn keamer, foardat... eh... gewoan, ik wol nei myn keamer.

HARRIE: Nei wat foar keamer moatte de koffers?

JULIA: Nei myn keamer fansels! Dat begrypsto doch wol?

HARRIE: *(bliuwt korrekt)* Fansels begryp ik dat, mefrou. Mei ik freegje wat foar nûmer dat is?

JULIA: Eh... Jou my earst allinne de kaai fan keamer 201 mar. Dy oare komt anst wol.

HARRIE: Ik sil jo even foargean. *(sjocht nei Monique, kriget kaai fan keamer 201, suchtet djip, pakt dan de koffers en fertilt him sawat)* Leave santjin...!

JULIA: Wat is der?

HARRIE: Eh... neat. Hielendal neat. Wolle jo my mar folgje? *(sjout mei koffers efter ôf nei keamers, folge troch Julia)*

MONIQUE: *(ropt har efternei)* Wolle jo dit formulier noch even ynfolle, mefrou?

JULIA: Dat doch ik anst wol. Ik wol earst myn koffers feilich op myn keamer ha.

HARRIE: Dêr soarget Harrie wol foar, mefrou.

JULIA: Dêr wol ik sels by wêze. Ik fertrou gjin ien en hotelpersoniel al hielendal net. *(fluch efter Harrie oan)*

MONIQUE: Dêr kinne wy noch hiel wat mei belibje. *(tinkt even nei)* Foar wy soe dy oare keamer dan wêze. *(gibelet)* Faaks hâldt se der wol in leave op nei! Al moat de man dy't dêr yntrapet, wol stapelgek wêze! *(Peter op)*

PETER: *(lilk)* Dit pik ik net fan Harrie!

MONIQUE: Wat?

PETER: Ik stean my hjir út te sloven foar de gasten en it iennige wat ik fan him te hearren krij is kommentaar.

MONIQUE: Do moast wat om dyn wurden tinke. Do kinst net alles mar tsjin de gasten sizze.

PETER: Wat sis ik dan ferkeard? Ik sei allinne mar dat dy koffers ferrekte swier binne. Dat wie alles. Mar jim ferjitte dat ik hjir it measte doch. Harrie betsjinnet allinne mar.

MONIQUE: Hy bringt de koffers ek nei de keamers.

PETER: Tafallich dat it dit ek in kear docht. Mar wat doch ik allegearre wol net? Itensiede, betsjinje, koffers sjouwe, ôfromje, ôfwaskje, ôfdroegje nim mar op... My hearst net kleien, mar in hiel lyts bytsje

wurdearring fan Harrie soe wol op syn plak wêze. (*fia de tagongsdoar komme no Joke, Maaïke en Sjaan Verhoeve op. Maaïke as earste, se hâldt de doar iepen foar Joke, dy't efter de rollator rint. Flot giet it net*) Sjochte? Wer wat te helpen... (*rint op Joke ta*) Lit my jo mar even helpe mei dat ding. (*lûkt de rollator út Joke har hannen. Joke stiet no wankel op 'e skonken en wurdt no fluch ûnderstipet troch Maaïke. Peter sil mei de rollator fuortrinne, mar wurdt weromroppen troch Sjaan*)

SJAAN: Sis, wêr sil dit mei dy rollator op ta?

PETER: Service fan de saak, mefrou. Ik set him even foar har op 'e gong. (*rint fuort*)

SJAAN: Myn suster hat dat ding noch nedich, man! (*pakt Peter de rollator ôf, Monique skodhollet nei Peter*)

PETER: Wer net goed tink?

MONIQUE: Nee, Peter.

MAAIKE: (*ferrast*) Peter! No sjoch ik it. Hoe is 't mei dy?

PETER: Aaaah, binne jo it? (*pakt har hân en lûkt har nei him ta. Joke komt wer los te stean en falt hast om. Sjaan fangt har op en set har wer efter de rollator*)

SJAAN: Wat in sokses! (*tsjin Maaïke*) Wêr kinsto him fan?

MAAIKE: Ik ha ferline jier hjir ek in pear dagen yn it hotel west. Hy kin hearlik itensiede en jo kinne ek noch ris om him laitsje.

SJAAN: (*mei in soer gesicht*) No, dat ha wy dan krekt al even dien. Ik bin noch slop fan 't laitsjen.

PETER: (*tsjin Maaïke*) Gesellich dat jo der wer binne. Jo ha dit kear de hiele famylje mar meinommen?

MAAIKE: Myn beide susters.

PETER: No, ik sil der foar soargje, dat ik jûn oan jim tafel betsjinje, hear.

MAAIKE: O, dat soe 'k hiel aardich fine, Peter.

PETER: (*tsjin Monique*) Wolsto dit even yn dyn earen knoopje? (*ôf nei de keuken*)

MAAIKE: Giet it wer, Joke?

JOKE: Wat seist, Maaïke?

MAAIKE: (*by har ear*) Ik frege, at it wer giet!

JOKE: O... (*dan fleurich*) It giet sa 't giet, sei mem altyd.

SJAAN: (*oerdreaun*) It giet sa 't giet. Ja, dat sei ús mem silliger altyd. It giet sa 't giet. Datsto dat noch wist, Joke!

JOKE: Wat seist, Sjaan?

SJAAN: (*by har ear*) Datsto dat noch wist, Joke, knap hear!

JOKE: (*sjocht ris nei Sjaan, dan fel*) Ik bin net efterlik!

SJAAN: (*wat senuweftich*) Fansels net! Hoe komst der by? (*tsjin Maaike*) Do moastst net tinke dat Joke efterlik is!

MAAIKE: (*ferheard*) Mar dat ha ik noait sein...

SJAAN: No, it is mar datst it witst.... (*tsjin Joke*) Ik ha even dúdlik oan Maaike witte litten, datsto net efterlik bist, hear.

JOKE: Wat seist, Sjaan?

SJAAN: (*wer by har ear*) Ik ha tsjin Maaike sein, datsto...

JOKE: (*wer freonlik*) Ik hoech te witten, watsto tsjin Maaike seist. Dat is tusken jim. At it mar net oer my giet. (*fleurich*) It giet sa 't giet.

MAAIKE: (*sjocht nei Monique*) Binne jo de mefrou dy't oer der keamers giet?

MONIQUE: Ik bin de resepsjoniste fan it hotel, ja. (*sjocht op it skerm*) Neffens my moatte jim de susters Verhoeve wêze.

MAAIKE: Dat jo dat oan ús sjen kinne! (*by har ear*) Dizze mefrou wit dat wy it binne, Joke!

JOKE: (*noch hieltyd fleurich*) Hoe kin sy dat no witte? Of ha wy yn 'e krante stien.

SJAAN: (*sunichjes*) Dat gokt se mar...

JOKE: Wat seist, Sjaan?

SJAAN: (*by har ear*) Dat gokt se mar!

JOKE: (*tsjin Monique*) Goksto, bern? Dat moastst net dwaan, hear...

MONIQUE: (*laket, praat dan lûd tsjin Joke*) Ik gok net hear. Ik sjoch wol út!

JOKE: Hiel ferstannich. (*tsjin Sjaan*) Falt ta hear, Sjaan...

SJAAN: (*suchtet*) Ik sis wol neat mear. It is dat ik mei moast, mar oars...

MAAIKE: Do hoegdest net mei, Sjaan, do woest mei. Do stiest der sels op om mei te gean.

SJAAN: Ja, allinne mar om Joke. Mar sa at it no al giet...

JOKE: Ja, it giet sa 't giet. Ik wol no even op bêd. Ik ha lang genôch rûn.

SJAAN: Hiel ferstannich fan dy, Joke.

JOKE: Wat is handich, Sjaan?

SJAAN: Neat, lit mar sitte.

JOKE: Ik wol net sitte, ik wol graach even op bêd.

SJAAN: (*suchtet*) Ja, Joke. Dat sil ik no even regelje. (*tsjin Monique*) Wat foer keamernûmer hat myn suster?

MONIQUE: Wy ha rekken holden mei jim winsken. Jim ha in trije persoans keamer op 'e begeane grûn.

SJAAN: (*ferskrikt*) Mei syn trijen op ien keamer?

MAAIKE: Wat is dêr op tsjin? Gesellich doch? Kinne wy lekker byprate...

SJAAN: Dêr ha ik hielendal gjin ferlet fan. Dat wurdt ien grutte kleisang fan hoe min jim it thús wol net hân ha. No, at ien it min hân hat, dan bin ik it wol.. Myn hiele jeugd, ferpest... Myn pubertiid, ferskriklik... Ik wie bliid dat ik it hûs út wie. En dan noch...

MAAIKE: *(suchtet)* Toe no, Sjaan...

SJAAN: Nee, dat wolle jim net hearre, no...

JOKE: Is ús Sjaan wer oan 't kleien? *(tsjin Sjaan)* Wy binne gesellich fuort, net? Helje dat gesicht út 'e ploai en laitsje!

SJAAN: *(mei in soer gesicht)* Der falt hjir nochal wat te laitsjen. *(tsjin Monique)* Jo hiene it oer in trije persoans keamer?

MONIQUE: Ja, dat kloppet. Dat stiet hjir by de reservearring. Op 'e begeane grûn.

SJAAN: Ik tink doch dat jo mis binne, mefrou. *(tsjin Maaike)* Hasto reservearre?

MAAIKE: Nee, dat wist doch. Joke hat dit wykein organisearre.

SJAAN: *(tsjin Joke, freonlik, mar dúdlik)* De resepsjoniste seit datsto in trijepersoans keamer reservearre hast, Joke?

JOKE: Dat is goed. *(tsjin Maaike)* Paksto de kaai even oan? Ik wol no echt even op bêd.

MONIQUE: *(jout kaai oan Maaike)* Ik winske jim in hiel noflik ferbliuw yn ús hotel.

MAAIKE: Tige tank.

SJAAN: *(lilk)* Mar ik gean wier net mei syn trijen op ien keamer hear! En grif ek noch mei syn trijen op in trije persoans bêd!

JOKE: Wol nee! Ien twapersoans bêd en... *(laket)* en... ien bernebedsje foar Sjaan...

SJAAN: *(lilk)* Dat fyn ik net aardich, Joke!

MAAIKE: Toe no, Sjaan. Gjinn spul hjirre. Wy beprate it wol op ús keamer.

SJAAN: Us keamer? Jim keamer!

JOKE: Moai! Dan is er fan ús tegearre, Maaike. Kom op.

SJAAN: *(perpleks)* En ik dan?

JOKE: Do kinst mei en oars fregest mar at se noch in keamer frij ha...

SJAAN: *(bliid)* O... dat kinne wy fansels ek dwaan.

JOKE: *(skerp)* Mar wol foar eigen rekken!

SJAAN: Wat? Mar do soest dit wykein doch betelje, Joke?

JOKE: En do tochtst fansels, dan kinne wy it der wol even fan nimme...

SJAAN: Eh... nee, dat bedoel ik hielendal net. Mar om no mei syn trijen...

JOKE: Ja, no wit ik it wol! Dach, Sjaan, do sjochst mar watsto dochste... *(se rint mei har rollator nei har keamer, fluch folge troch)*

Maaike. Monique hat muoite har laitsjen yn te hâlden, dit sjocht Sjaan)

SJAAN: Wat falt der te laitsjen? Jo skine jo nochal te fermeitsen om dit treurige foarfal.

MONIQUE: *(gesicht yn 'e ploai)* O nee, wis net mefrou. Ik fyn dit hiel ferfelend foar jo. Mar ik kin der wier neat oan dwaan. Of jo moatte doch noch in ekstra keamer nimme.

SJAAN: *(tinkt even nei)* Hmmm... Dat soe ik dwaan kinne. Wat kostet dat?

MONIQUE: Sânenjoggentich fiifentachtich foar in oernachting, mefrou.

SJAAN: *(skrikt)* Sânenjoggentich fiifentachtich? Hast hûndert euro? Foar ien nacht?

MONIQUE: Ynklusyf moarnsiten en in wolkomstdrankje. Kin ik in keamer foar jo reservearje?

SJAAN: *(út 'e hichte)* Gjin sprake fan! Ik sil my wol skikke... *(draait har om en rint fuort)*

MONIQUE: *(súnstjes, mar wol te hearren)* Yn jo bernebedsje..

SJAAN: *(draait har fluch om)* Wat sizze jo?!

MONIQUE: Eh... Neat... Ik sei allinne dat eh... dat jo op it ekstra bêd sliepe kinne...

SJAAN: Dat seisto net! Ik hâld net fan sokke grapkes, dame! Knoopje dat hiel goed yn jo earen!. *(ôf)*

MONIQUE: Fansels, mefrou. *(djippe sucht)* Dat is nûmer twa, dêr't wy in soad wille mei ha kinne. *(Harrie komt op en sjocht it gesicht fan Monique)*

HARRIE: *(fleurich)* Swier waar op komst, Monique?

MONIQUE: Neffens my barst it hjir it wykein fan 'e soerprommen. Earst dy mefrou van de Heyde en no dy iene fan de susters Verhoeve. Leuk hear.

HARRIE: Dan moatte wy it diner der mar op oanpasse.

MONIQUE: Wat bedoelst?

HARRIE: It foargerjocht bestiet út soere sipeltsjes mei soere sult, it haadgerjocht soerkoal mei woarst en it neigesetsje prommen yn jittik.

MONIQUE: Je soene it hast dwaan, Harrie.

HARRIE: Kom op je! Wy meitsje der wat fan. *(op dit stuit komt Peter op út 'e keuken)*

PETER: No is 't net bêst!!!

HARRIE: Wat no? Wat sjochst der út!

PETER: Wy ha koartsluting yn 'e ûne hân, de flammen fleagen der út. It is allegearre reek en roet!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via www.toneeluitgeverijvink.nl de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 info@toneeluitgeverijvink.nl

 072 5112407



“Samenspelen” is ons motto